

## **Jierferslach Haadbestjoer FNP 2020**

*Wy kinne weromsjen nei it jier 2020 as in “nuver” jier. It wie it jier fan it Koroana-firus. It jier dat stadichoan alle gearkomsten online hâlden waarden. Foar rieds-en Steatefraksjes, foar gemeenterieden, foar ús as Haadbestjoer en sels ús Algemiene Ledegearkomste koe bywenne wurde thús op it skerm. Hjirtroch*

*binne der ek in soad gearkomsten net trochgongen. Dan tinke wy bygelyks oan de Klustergearkomsten. Wy sjogge mei jo efkes werom:*

### **Jannewaris**

Op 4 jannewaris is de Nijjiersgearsit hâlden yn Hallum, tige bêst organisearre troch de ôfdieling Noardeast-Fryslân. In gearsit mei workshops, de bekende taspraken (mei it “foarsichtige” berjocht oer dielname fan de FNP oan kommende 2<sup>e</sup> Keamerferkiezings) en muzyk.

Nei Gerben Gerbrandy yn Achtkarspelen hie de FNP op 6 jannewaris wer in Boargemaster yn harren fermidden: Johannes Kramer wiksele fan de funksje as Deputearre Provinsjale Steaten nei Boargemaster fan de gemeente Noardeast-Fryslân. De opfolger fan Johannes Kramer as Deputearre wurdt Klaas Fokkinga.

Partijfoarsitter Wouter Wouda wurdt offisjeel lid fan de EFA kommisje.

Der komt in oar oerlisgroepke OSF.

### **Febrewaris**

In ôffeardiging fan it HB hat op besite west by ôfdieling Smellingerlân. It HB hat in oanfraach dien by de OSF foar subsydzje foar in besite fan de Catalanen oan Fryslân.

### **Maart**

De gearkomste fan it HB mei ôfdielingsbestjoeren is op 6 maart by Duhoux. Dit wie foarlopich de lêste fysike gearkomste fanwege de Koroanamaatregels. Yn maart is de earste gearkomste foar it HB fia Skype. Der binne maatregels oankûndige troch it Regear dy’t yn earste plak jilde oantemei juny 2020... De Assembly fan de EFA wurdt ferset nei septimber.

### **April**

De gearkomste fan it HB mei politisy giet net troch. Op 10 april wurdt der troch it Regear besletten, dat der by riedsgearkomsten dochs online besluten naam wurde meie, dat wie earst juridysk net mooglik. Der is in rapport ynkaam by it HB fan de Energjywurkgroep.

## **Maaie**

It HB hat in gearkomste oer wynmûnen online bywenne. Der wurdt besletten troch it HB dat de AL yn maaie net trochgean kin. In alternatyf is der op dit stuit noch net. De leden wurde ynformearre. Der wurdt noch tocht om de start fan it nije seizoen yn Achtkarspelen te hâlden.

## **Juny**

De Enerzjywurkgroep wurdt troch it HB opheven mei grutte tank oan it wurk wat hja ferset hawwe. It HB is dwaande mei de AVG. Der wurdt tocht om de AL yn septimber te hâlden. Wouter hat in 5 oeren duorjende online gearkomste fan de EFA bywenne. Op fersyk fan it HB makket it Partijhûs in ynventarisasaasje fan de snypsnaren dy't der noch binne.

## **July/Augustus**

Simmerreses yn de polityk, ek foar it HB. De Koroana set ûndertusken troch. De start fan it seizoen, yn Achtkarspelen, giet spitigernôch net troch.

## **Septimber**

Der wurdt wer in fysike gearkomste fan it HB hâlden by Duhoux, mei 1,5 m. ôfstân. It HB is oanwêzich by in gearkomste foar riedsleden oer de Lelyline. By de Steatefraksje hâldt fraksjefoarsitter Corlienke de Jong op en wurdt opfolge troch Sijbe Knol. Rein van der Wal skoot op en wurdt Steatelid en Thom Feddema wurdt earste opfolger. Der wurdt besletten dat in AL yn septimber noch te gau is, dit wurdt no ferset nei novimber.

## **Oktober/Novimber**

Gjin nijs fan it HB. De AL wurdt no pland op 12 desimber.

## **Desimber**

De AL wurdt "hybride" hâlden; foar in part online foar de leden en foar in part by "Annage" yn Earnewâld. Hjirby oanwêzich is it folsleine HB, de deputearre, de Steatefraksjefoarsitter en de Wetterskipsfraksjefoarsitter. It is efkes wennen mar it docht bliken dat it mei goed 60 dielnimmers in súkses is. De minsken kinne fia de chat meiprate en sa no en dan krijt ien it "podium" foar de kamera.

**It oantal leden is fan 1076 nei 1034 sakke, peilt op 31 desimber 2020.**

*Al mei al in bysûnder jier, en der sil yn 2021 noch it ien en oar ynhelle wurde moatte. Wy hoopje op begrip fan de leden en wy moetsje inoar graach sa gau as dat wer feilich kin!*